

't Skieppesturtsje

*Doarpskrante
fan Tsjerkwert e.o.*



37e jiergong - nûmer 1, febrewaris 2014



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl

Er is niets leuker dan een speelse, alerte en actieve hond. Een hond die er bovendien gezond uitziet en een glanzende vacht heeft. Dit soort zaken laat zien dat uw hond in allerlei opzichten goed gezond is. De juiste voeding maakt het gemakkelijker om dit te bereiken.

Daarom adviseren wij DOGGAR HONDENVOER van GARVO



DOGGAR KROKANT	10 kg€ 13,75
DOGGAR HE	10 kg€ 20,30
DOGGAR PUPPY	10 kg€ 21,00
DOGGAR VLEESBROK MET RIJST	10 kg€ 18,25



ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwerd

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl


Kopij foar it nije
nûmer graach foar
2 maaie 2014 nei:



itskieppesturtsje@gmail.com

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave.....	4
Skieppesturt-special oer keunstners en de oarloch	6
't Skieppesturtsje en it Frysk.....	6
Van de redactie	7
Frijwillige bydragen....	7
Vrijwillige bijdragen	7
By it útrikken fan de Skieppesturt 2013	8
Wûndermoaie winterjûn yn waar en wyn	11
Nieuws van stichting It Waltahûs	12
Tige swiere stoarm luts spoar fan fernielings.....	15
Nijs fan Eensgezindheid	16
Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.....	17
WJUUKSLACH.....	18
Fotoimpressie Skieppesturt 2013	19
Fotoimpressie Winteravond in Tjerkwerd	20
Fotoimpressie bezoek Reinbôge aan Serious Request	22
Cbs de Reinbôge in actie voor Serious Request.....	23
KF De Twa Doarpen.....	24
Kwartetspul by Kanon Súdwest-Fryslân gepresintearre.....	25
Nieuws van Oranjevereniging “Mei Inoar Ien”	26
Een rapportcijfer dat bezien lijden mag (2)	27
JAARVERGADERING EHBO	29
Bedankt	30
Stichting Onbeperkt	30
Koken met Riemkje	31
Kleurplaat.....	32
Winter Woordzoeker	33
Sudoku	34
Collecte	34
Snypsnaren.....	35



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

**e-mail :
itskieppesturtsje@gmail.com**

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

Foto omslach : Gerben Wijnja

***'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurdt hûs oan hûs besoarge troch de
redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.***

Skieppesturt-special oer keunstners en de oarloch

Yn maaie ferskynt ta gelegenheid fan de twadde grutte útstalling fan Kunstrijck Tjerkwerd op 'e nij in kreas boekje mei njonken ynformaasje oer de keunstners haadstikken oer in bepaald tema. Dit jier leit de klam op de oarloch yn ferbân mei de oprjochting fan in oarlochsmonumint by de tsjerke. Der is in kommisje oer gear en der wurdt ynformaasje sammele oer de fjouwer minsken dy't as (tydlik) ynwenner fan Tsjerkwert it libben litten ha yn de wrede oarlochshannelingen. Foar dy slachtoffers wurdt it monumint ek oprjochte, om harren nea te ferjitten.

It boekje sil ek rynsk illustrearre wurde. Mochten jo noch oanfoljende ynformaasje jaan kinne of oer foto's beskikke dan soene wy dy graach eefkes liene wolle om se te scannen. It giet om Leo Flapper dy't by Galama op Rytsjeterp wenne, om Justin Gerstner dy't by de Buwalda's op Iemswâlde tahold en de mannen Pander en Wierda, ûnderdûkt by smid Schukken hjir yn it doarp, dy't troch ferrie nei in dropping oppakt binne. Alle fjouwer ha se de ferskrikking fan de oarloch net oerlibbe omdat se pakt waarden.

Sa binne wy bygelyks noch op syk nei in moaie foto fan de âlde houten brêge (tille) oer de trekfeart nei Iemswâlde. In skilderij is ek goed, at it mar giet om de brêge dy't der yn 'e oarloch wie. It boekje ferskynt meidetiid as

Skieppesturt-special en wurdt hûs oan hûs besoege. Minsken om utens dy't yn ús adressenbestân sitte, krije it oer de post.

Gerben D. Wijnga (0515-579348 en e-mail:gwijnja@ziggo.nl)

't Skieppesturtsje en it Frysk

De gemeente Súdwest-Fryslân hat him útsprutsen oer it fersterkjen fan de Fryske taal. De earste taalnota fan de fusygemeente wie dêrmei útkommen.

It is bekend dat de measte minsken yn ús gemeente it Frysk as memmetaal ha. Dat is yn Tsjerkwert net oars al moat sein wurde dat der yn de rin fan de lêste tweintich jier wol wat in ferskowing plak fûn hat. Harkje mar ris op it skoalplein of op strjitte. It Hollânsk begjint hieltyd mear foar master op te slaan. Ek yn ús eigen Skieppesturtsje is dat te fernimmen. Doe't ik der yn 1991 yn kaam as redaksjelid wie it Frysk de fiertaal yn suver alle bydragen. Kom dêr no ris om!

Us gemeente sjocht de utering yn jins memmetaal as in foarm fan fertrouwen en bining oan minsken ûnderling. De opstellers fan it rapport ha it oer sichtberens as toverwurd (tsjoenwurd eins). Mei it each dêrop wol de gemeente in stimulearringspriis yn it libben roppe foar doarpskrantejournalistyk.

Wat kinne jim as lêzers dêrfan ferwachtsje? As redaksje geane wy derfan út dat ús bydragen sa mooglik yn it Frysk skreaun wurde. Dat binne jim ek al foar in grut part fan ús wend en dat sil ek sa bliuwe. Wy begjinne der lykwols net oan om bydragen yn it Nederlânsk, it Wiebe Wynwurdske of it stedske oer te setten yn it Frysk. Kopij sjogge wy it leafst yn it Frysk as men dat machtich is en oars mar yn it Nederlânsk. Gjinien dy't jo dat kwea ôf nimme sil.

Van de redactie

Allereerst namens de redactie de beste wensen voor 2014. We laten 2013 achter ons met de kersverse Skieppesturten Bertus en Nellie Walsma. In 2014 staat Tjerkwerd bol van de activiteiten: In februari doet de kaatsvereniging mee aan de Jeugd Sponsor Actie van Poiesz en dit voorjaar nemen zij hun gloednieuwe klee- en bergingsruimte in gebruik. Op 26 april vieren we Koningsdag en van 9 t/m 18 mei vindt de 2^e editie van Kunstrijk Tjerkwerd plaats. Ter gelegenheid hiervan verschijnt een Skieppesturt special, op de pagina hiernaast vindt u hiervoor een oproep! Op 29 en 30 Augustus hebben we dorpsfeest met als thema: Expeditie Tjerkwerd en in september wordt het openluchtspel "Meagere Marijke" opgevoerd. Genoeg te beleven zou ik zeggen.

Deze Skieppesturt staat weer boordevol leuke artikelen!
Namens de redactie, veel leesplezier!

Frijwillige bydragen....

Tsja, it wurd seit it al: frijwillige bydragen, dy binne frijwillich. En dat betsjut letterlik dat jo dat dogge omdat jo dat sels wolle, net omdat it moat. En gelokkich binne der ek in hiel soad minsken dy't dat dogge omdat se it wolle. Mar ek foar de Skieppesturt wurdt it hieltyd dreger om de sturt te bekostigjen. No is de sturt in prachtich boekje mei in soad kleur en út jim reaksjes merke wy ek dat jim dat wurdearje en dat wolle wy graach sa hâlde.

Dêrom dochs de fraach: hawwe jo al in frijwillige bydrage dien? En sa net: wolle jo dat dan dwaan? Om te foarkommen dat wollen moatten wurdt..... Alfêst ús grutte tank.

Vrijwillige bijdragen

S. Breeuwsmas e; H. Veenendaal c; C.A. van der Loo; U. Bakker-van Rijs; M.J. Bruinsma-Tensen; Y.H. de Boer e; W. Poelstra c; B.R. Bakker; J. Kroontje e; B. Algra e; S. Miedema c; A. De Haan; Reitsma en Reitsma.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding
Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.
Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward.
Rekening; NL34ABNA0847668398

By it útrikken fan de Skieppesturt 2013

Mienskip troch brûsbriljantsjes

Us nagelnije Skieppesturten fan it jier 2013 Nellie en Bertus Walsma

It jier 2013 is net foar elkenien in jier om mei nocht en wille op werom te sjen. Tink ris oan politike ûnrêst, bankenkrisis, winkelslutingen, wurkleazens, grutte brannen, sportive ferliezen, it Thialf debacle en dat fan de JSF en de Fyra hegesnelheidstrein, it net trochgean fan in 11stêdetocht, de ein fan Hyves, wrâldrampen, geweld, oarloch, sykte, hongersneed. Soest der wier net fleurich fan wurde. Mar der steane lokkich ek goede dingen tsjinoer. Wy ha in nij staatshaad, in nije Paus, Anouk soarge wer foar fertjintwurdiging fan Nederlân op it eurovisie songfestival, grut talint kaam nei boppen yn Holland's got talent, Fryslân wie der wer by yn de finale fan the Voice, Cambuur kaam yn de earedivyzje, SC Heerenveen draait as in tierelier yn de top mei mei tank oan topskoarer Finbogason, wy rekken yn 'e ban fan de Mollemania troch Bauke Mollema syn skittering yn 'e Tour de France, der binne medyske trochbraken realisearre dy't hoop op 'e takomst jouwe, de ekonomy lit foarsichtich tekens fan foarútgong sjen, der wurde wer mear huzen ferkocht en ja wat eins net. Ik wol it súkses fan Serious Request yn Ljouwert noch neame. Suver hiel Tsjerkwert hat dêr west ast de bylden op tv en facebook leauwe meist. Wat in grut súkses.

Jawis, Tsjerkwert meie wy net ferjitte yn dit nijjiersbarren. Want ek hjir binne foarbylden fan foar –en tsjinspoed, mar fan alle aktiviteiten dy't it doarp ûntwikkelet kin sûnder mis sein wurde dat it hjir brûzet. Yn it ôfrûne jier ha wy mei in goed gefoel sjoen dat Ljouwert de status fan Kulturele Haadstêd 2018 wûn hat. En dan miene se dat se dat binnen helle ha mei alles wat om it wurd "mienskip" gear hinget. No ik kin jim wol fertelle dat se dan wol in kwalifikaasje brûkt ha dy't al sa âld is as it doarp Tsjerkwert en dat dyselde mienskipsgedachte hjir al jierrenlang diel útmakket fan it oanwizen fan de Skieppesturten. Mei dy tapaslike ûnderskieding wolle wy ús oprjochte wurdearring útsprekke foar wat der yn eigen doarp oan talint omrint, op sportyf, kultureel of kreatyf mêd of gewoan fanwege de grutte ynset dy't al jierrenlang betoand is oan de doarpsmienskip fan Tsjerkwert. En dat kin alle jierren wer mei tank oan oprjochter Rients van Buuren fan wa wy de fachten liene meie en de sturten krije dy't as priis yn mannich keamer in eareplakje krigen ha en noch altyd krije.

Op de jiergearkomst fan Doarpsbelang ha wy wer heard wat der allegear yn ús doarp spilet en ha wy ek sjoen wa't mei moaie jildbedragen fan Windkracht Tien nei hûs gie, net foar persoanlik gewin mar foar de klub werfan ús doarp der hiel wat ryk is. Wat dat oanbelanget wie it ek net frjemd

dat Baukje Miedema as oanwêzich gemeenteriedslid har wurdearring oer Tjerkwert útspruts mei de wurden “dêr’t in lyts doarp grut yn is.” En sa is it mar krekt. Ik wol it omskriuwe as in Mienskip smeid fan brûsbriljantsjes.

It ôfrûne jier hat der yn ‘e tsjerke in útstalling fan de Skieppesturt west, in oersjoch fan alle minsken, ferienings en oare groepen dy’t yn ‘e ôfrûne jierren DE STURT krigen ha. Dêr stie my wat kwaliteit by, dêr spruts in grutte mienskiplike grutskens út. En as men dan sizze kin dat men dêr diel fan útmakket, dat men dêr oan meiwurkje mei, dan kinne wy sa grutsk as stoaterske hoannen troch de buorren rinne, dan priizgje wy de grutte minsken út ús ferline en tinke temûk oan wa’t de STURT no wer krije sil. En faaks ha guon minsken yn ‘e seal dan ek al wat sunuwen yn’t liif fanwege in mooglike nominaasje.

De bypassende nijjierstaspraak past al lang net mear op ‘e achterkant fan in sigaredoaze en ek it tillefoanboek stiet ús net mear by as wy de oanwizing yn it djipste geheim besprekke. Dêrby nimme wy ek goede tips mei dy’t wy tastjoerd krigen of opheind ha yn it doarp. En dit jier hat dat net resultearre yn in groep of ferieningsbestjoer. Ek in ienling koene wy net de priis jaan. En dat lêste omdat it soms ûnmooglik is om ien bliid te meitsjen, wylst dy nea sûnder de stipe fan syn of har oarehelt koe. En dat hâldt yn dat wy dit jier foar in echtpear keazen ha, in stel wêrfan sawol de man as de frou foar Tsjerkwert in protte dien hat. Dat wie ek al yn ‘e tiid doe’t men bygelyks noch foar it libben yn de Stichting siet. Wijlen Pier Zijsling hat der doe min ofte mear foar soarge dat oan dy einleaze sit in ein kaam. Pier wie doe trouwens ek de earste dy’t fan dy mooglikheid gebrûk makke en troch te dobbeljen ha de oare bestjoersleden dêrnei harren folchoarder fan siz mar ûntslach bepaald, wêrûnder ek ien fan ús nagelnije Skieppesturten en dan prate wy oer al in moai skoftke lyn en ek no is dy persoan noch folop warber foar ús doarpsmienskip.

Wat in ynset giet der út fan harren bestjoerlike aktiviteiten foar de Stichting, de Oranjeferiening, Simmer 2000, de sportkommisje, de klaverjasklup en de iisbaan. Safolle frijwilligerswurk en dat by de drokte fan in bedriuw en in grutte húshâlding. Us wurdearring foar al dit krewearjen gie dit jier út neiNellie en Bertus Walsma.



Feestjûn.

Wat ha wy as kommisje trouwens kreatyf wêze moatten yn it betinken fan in plan om de priis net útlekke te litten. Nellie en Bertus ha in grutte húshâlding en it soe moai wêze elkenien by de huldiging te hawwen. Om Nellie en Bertus yn it Waltahûs te krijen wie net sa'n grut probleem: hja binne der eins altyd by, mar al dy bern en dan ek noch dat lytse mantsje. It waard in wike mei hindernissen. Se moasten har net ferprate en fan te foaren ek net manmachtich yn 'e seal oanwêzich wêze. Dat soe mar ferdacht wêze. Dus waard der ien en oar útdoktere, waarden der foar dy jûns temûk ôfspraken makke om by Durk by inoar te kommen en dêrnei die in tillefoantsje fan Auke de rest. De hiele famylje waard, útsein Auke dy't yn 'e seal siet, fansiden holden en op it stuit dat de namme klonk, kaam elkenien de seal yn om foar de rest fan de jûn by it feest te wêzen. Der waard songen, klonken op 'e Sturt en de takomst en doe kaam ek Alie Poelstra noch yn it sentrum fan de belangstelling te stean. Hja wie jierdei mar dat wjerhold har der net fan om by dizze feestlike start fan it nije jier te wêzen. En doe waard der ek foar Alie songen.

Neffens goed gebrûk sette wy dêrnei nei de boppeseal ta om eefkes mei elkoar te praten. En dan komme der wol mear ferhalen los. Sa as Nellie har grut gefoel fan ferantwurdlikens as it giet oer de list fan de bartsjinst yn it Waltahûs. It skynt dat se sels skillet om dy tsjinst te draaien at se net iens op 'e list stiet. Dat docht ien fan 'e bern opmerken dat se suver fan listen by inoar hinget. Bettie hat har trouwens yn it ferline ek poer fertsjinstlik makke by ús âld-redaksjelid Phûn v.d. Berg dy't flak by harren wenne. Doe't Phûn wat minder waard fersoarge Nellie de pottenbakster. Mei dy soarch foar de buorfrou wie se har tiid eins fier foarút (of wie it fanút de âlde, fertroude tradysje fan 'burenplicht'?) want mantelsoarch moast noch útfûn wurde. Ja, tafersjoch wie dêr wol op syn plak, want de gaskraan bleau ek wol ris iepen stean en it gers moast ek meand wurde fansels.

Bertus harke it mei niget oan en de hiele ploech hie it net mear doe't wy it klaverjassen op it aljemint brochten. By de slachter wie okkerdeis alris frege nei in bollesek, want it docht bliken dat "it rinnen mei de sek" ien fan de wichtige taken fan Bertus is op 'e jûn fan it klaverjassen. En dêr koe sa'n bollesek foar de nûmerkes wol fertuten mei dwaan.

En sa bleau it noch lang gesellich en koe der feestlik host wurde op 'e muzyk yn 'e seal wylst Nellie en Bertus de lokwinksen yn ûntfangst nimme mochten. It is harren fan herte gund.

Gerben D. Wijnja

Wûndermoaie winterjûn yn waar en wyn

“It hiele doarp yn tou”

20 desimber stie Tsjerkwert op ‘e kaart fan aktiviteiten dy’t foar de krystdagen minsken op paad bringe moasten. Krystmerken as dy yn Harns, Boalsert, Warkum of Makkum wiene gjin fergeliking. It doarp hat gjin echte winkels mear, dit yn tsjinstelling ta earder tiden doe’t der oan de Waltawei, Kade en yn de Tsjerkestrjitte fan alles te keap wie, fan fleis, griente en bôle, oant boadskippen by de winkelman en fytsen ta. No bringt SRV-man Rudolf Huisman it mei de wein by de huzen lâns of wurde de boadskippen út Boalsert helle mei de auto of op ‘e fyts.

Mar op dy tweintichste desimber wie it in oar ferhaal. Op inisjatyf fan de famylje Nota, Annelies Volgers, Edith Bakker en Wanda Bakker waarden keaplju, nifelkonten, oaljekoekbakkers, brokantesneupers, poeiermolkesaakkundigen, taartbakkers, itensieders en oare hobbyisten en keunstners ta in gastfrij kollektyf smeid. Meiinoar soargen dy foar in nijsgjirrich gehiel. De bewenners hiene foar ekstra feestlike ferljochting soarge en it sintelpaadsje oer it sportfjild hie in kleurrike lampkeslinger krigen, sadat men it paad net bjuster rekke yn it tsjuster. It wie glûpende kâld, wetterkâld mar droech. De krâns om de moanne hie in dei earder minne waarsberjochten yn it foarútsjoch, mar dat bleau it doarp en de besite besparre. In dei letter wie it klearebare hjerst mei hurde wyn en reinwetter. Mar net op dy tweintichste desimber. De flammen yn de fjoerkuorren lûgen heech op en soargen foar in sfearfolle omjouwing. Yn in goed te regelen rige skoden belangstellenden út eigen doarp en fan bûten by de huzen lâns. Se setten útein by de “Tsjerkwerter Wielenpôle” op ‘e hoeke fan de Waltawei en de Sylroede, wylst de auto kreas in plakje krigen hie op it terrein by Haarsma. Der wie in printe rûtekaart te krijen sadat der neat mist waard. De krystkuiers priuwden fan lekkere hapkes, kochten wat foar thús en setten wer fierder. Mear as tweintich adressen bydel en oeral wie de gastfrijens grut, it entûsjasme folslein en de waarmte yn ‘e lokaasjes tige wolkom. En dan de kjeld wer yn, by in lint fan krystfersiering del, ferljochting dy’t dit jier mei ekstra omtinken ophongen wie. Want Tsjerkwert stelde syn doarren fan skuorre, hok, tinte of wenkeamer iepen foar besite en dan moast it ek goed. Dy ynset waard wurdearre, want wa’t wy ûnderweis ek sprutsen, der wie folop lof foar de organisaaasje en útfiering. En dêr ha de dielnimmers fan profitearre. By guon rôp it oantinkens op oan “Terug naar de stal” dy’t jierren lyn holden waard en doe in grut súkses wie. It feest fan 2013 wie oars, mar ek tige slagge.

“Het was een zeer geslaagde avond! Heb genoten,” sette Riemkje op har facebook. Har bapaobroadsjes foelen wol yn ‘e smaak as wy de reaksjes op datselde facebook leauwe meie. Mar leafst 120 hie se ferkocht en dêrmei wie se suver troch har foarrie hinne. Mellina Huitema fan de Brocante theetún wie ek

tefreden: "Wy kinne werom sjen op in tige slagge "winter-avond" yn Tsjerkwert," wêrop Klaas Bouma reagearre mei: " Met zo'n kerstvrouw kan het toch niet mislukken!" Anne de Vries wie ien fan de keunstners dy't iepen hûs hold. "Ik ha juster yn myn atelier in soad minsken hân. Foaral tusken 18.00 en 19.30 ûre wie it drok. Ik rekke op in bepaald stuit de tel kwyt. 80 minsken yn elts gefal, mar it kinne der ek wol 100 wêze. It rûn hieltiden troch. Hie hast gjin tiid om te iten. Ek net om earne oars te sjen. In oantal minsken woenen wol wat keapje. Wat my oangiet: in súkses," sa mailde er ús. En Edith Bakker, in keunstner op muzikaal mêd, skreau oer de optredens yn tsjerke allike entûsjast: "Wat een gezellige avond was het gisteren in Tsjerkwert! Veel aanloop en iedereen even geïnteresseerd. Aandachtig publiek! Marije, Sibrich, Evelien, Rosemarijn, Sigrid, Renske, Duitsen, Aggie en Abe, wat hebben jullie mooi gespeeld!! Jammer genoeg had ik geen momentje over om bij de anderen te kijken, maar ik heb alleen maar positieve berichten gehoord! Voor herhaling vatbaar dus!" Epie Wijngaarden wie krekt sa optein: "Het was super geslaagd, hoop volgend jaar weer." Dat soe yn elk gefal foar elkenien dy't it mist hat in útkomst wêze want it gemis waard field by de "spijtoptanten".

Gerben D. Wijnja

Nieuws van stichting It Waltahûs

Zoals altijd hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Allereerst nog de beste wensen voor 2014 toegewenst namens de stichting!

Een korte terugblik van wat er dit seizoen tot nu toe georganiseerd is:

We zijn dit seizoen weer gestart met de dames en heren sociëteit op 27 september, de opkomst was niet zo heel groot maar die er waren hebben gezellig spelletjes gedaan, wat gedronken en gekletst. De bedoeling is om het dit seizoen nog een keer de organiseren dus wees dan welkom!

Op 12 oktober hadden we weer de grote kwisavond. Vorige keer in 2011 was dit een groot succes en ook nu weer 11 teams van

(bestuurs)leden van alle clubs/verenigingen van Tsjerkwert welke streden om wie de meeste kennis bezit. We hadden weer flink wat vragen bedacht in diverse categorieën en bleken soms best pittig te zijn. Er was ook weer een proeverij bij, deze keer moest er kaas geproefd en geraden worden.



De winnaars van de Grote Quizavond!

Tot het eind bleef het spannend wie de meeste punten had maar uiteindelijk heeft de EHBO met 61 punten gewonnen, op de 2^e plaats net als 2 jaar geleden met 61 punten is de Kaatsclub geëindigd en Dorpsbelang werd 3^e. Het was weer een leuke avond en wat ons betreft dit jaar maar weer.

Op 2 november kwam het komische duo Klûn en Knoffelhakke met hun nieuwste show 'He Buorman' langs. Ook zij waren hier 2 jaar geleden al eens geweest. Ook nu weer veel hilariteit, herkenbaarheid en dubbelzinnigheid dus was weer lachen. Nadien ook nog erg gezellig kortom een geslaagde avond.

22 november was er Dorpsbelang vergadering met een flinke opkomst en leuke nazit, de dag erna was er de Sinterklaasintocht en avonds hebben Joop en Jan over hun Pelgrimstocht verteld. Een leuk en boeiend verhaal over al hun belevenissen.

Op 30 november had het Korps een concert, dat dit wel leeft in het dorp bleek wel uit de opkomst; de zaal zat weer flink vol.

De kerststukjes zijn dit jaar op 13 december gemaakt, weer onder de enthousiaste leiding van Thea, nog bedankt hiervoor!.

De rond Kerst terugkerende zaken zoals 60+ soos en kerst klaverjas ontbraken natuurlijk ook dit jaar niet.

Op 31 december waren de carbidschieters er al vroeg bij en konden ze nadien samen met de toeschouwers weer terecht in het Waltahûs voor olieballen en een drankje. Vanaf 1 uur was ie weer open tot in de kleine uurtjes.

Zaterdag 4 januari was het een erg gezellige en geslaagde Nieuwjaarsbal met leuke muziek van Grytz & Grize. Tussen de muziek door was er de Skieppesturt uitreiking. Dit jaar geen bestuurswisseling van de stichting want Janneke heeft aangegeven er nog lang geen genoeg van te hebben en nog graag een periode door te willen gaan. Dus ook komende jaren een vertrouwd gezicht en stem als U uw reserveringen doorgeeft.

Op zaterdag 8 februari was er weer de playback show. Met de opgaves liep het eerst niet zo storm maar uiteindelijk hadden we 12 acts.

Bij de kinderen waren maar 2 aanmeldingen; Amarins werd eerste met het nummer Birds van Anouk en Iris en Hinke 2^{de} met het nummer Sterretjes van de Minidisco. Hopelijk volgend jaar weer wat meer opgave in de categorie.

Bij de jeugd waren 6 aanmeldingen. De 3^{de} prijs was voor Femke en Marly, ze waren in de huid gekropen van Bella Thorne & Zendaya en deden Watch me.

Op de 2^{de} plek Stefan Dijkstra met Hey Brother van Avicii, Stefan was de enige jongen bij de kinderen en jeugd die mee deed, bij deze een oproep aan alle andere boys om volgend jaar ook mee te doen! De eerste prijs was voor de meidenclub Sanne, Lineke, Birthe, Anna en Lysbeth. Zij brachten ons en de jury naar een onbewoond eiland, inclusief een cocktail voor juryleden, van Kinderen voor Kinderen.

Bij de categorie Overig was de 3^{de} prijs voor een andere meidenclub; Sygnie, Sjoukje, Janita en Marly deden Baby one more time van Britney Spears. De creativiteit en decorstukken van de Bletterbekken bleek niet voor niets te zijn. Hun opgebouwde poppenkast decor inclusief mini poppenkast en verkleedpartij voor de act Jan Klaassen was trompetter van 't Vrije Schaep leverde hun de 2^{de} prijs op.

Wat minder vrolijk was het nummer De oude Jacob van Leen Jongewaard. Doebedoebedoe Anna Suzanne; keert terug met de boot maar vader beweegt niet, vader is dood. Sjoerd en Onno leefden zich helemaal in hun rol en deden dit zo overtuigend dat ze de eerste prijs wonnen.

Voor de wisselprijs had de jury deze keer gekozen voor een afwijkende keuze; niet alleen naar de eerste plekken maar hadden de reactie van publiek en originaliteit ook laten meewegen in hun beslissing om 't Vrije Schaep (zie foto) de wisselbeker toe te kennen. Deze beker zal dus via roulatie dit jaar in heel wat huiskamers komen te staan!



Het publiek heeft ook altijd een stem en kon dmv het invullen van een briefje aangeven zij de beste vonden, Na tellen bleek dat de Party Snacks de meeste stemmen hadden en dus mochten de mannen nog een keer het podium op met hun Smurfenhouse act. Gelukkig hadden ze de blauwe schmink nog op en konden ze snel los.

Na de prijsuitreiking werden de juryleden Afke en Andre bedankt en kregen zij en onze presentatrice Anneke nog een bloemetje als dank.

Disco Silver, die de (playback) muziek verzorgde, draaide daarna nog door tot een uur of 1 terwijl iedereen aan het kletsen, drinken en dansen was.

Kortom het was weer een geslaagde avond!!

De jaarlijkse vrijwilligers avond zal op **8 maart** gehouden worden. Het zal een oosterse avond worden compleet met buffet. Natuurlijk weer in bijpassend output dus dit kan alvast in gang gezet worden.

Verder zijn we nog bezig met een muziek avond voor ergens eind maart, een leuke band welke hopelijk de jeugd ook aanspreekt.

Verder nieuws over deze activiteiten kunt u zoals altijd binnenkort op de M.A.T. lezen. In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur..!!!

Tige swiere stoarm luts spoar fan fernielings

De stoarm fan 28 oktober stiet ús noch klear foar eagen. Fanôf 25 oktober wie Christian op de oseaan ûntstien en soarge foar grutte skea yn Súd-Ingelân. Wy wiene der folop foar warskôge dat dyselde krêftpatser ek yn Fryslân fûleinich taslaan soe. Fanút it sudwesten daverre er dy moandeis oer ús provinsje. Op it Iselmar wie it ien kolkjende wettersee dêr't de KNRM mei de reddingboat fan Hylpen yn aksje komme moast. En op it lân gie it der ferskuorrend om wei. Wa't de doar net út hoegde, bleau thús wylst de stoarmfleagen bolderjend om hûs en hear gûlden. Pannen fleagen fan dakken, skuttings waaiden om, beammen knapten as lúsjeferhoutsjes en gean sa mar troch. It joech in bult oerlêst sa as lekkaazje, sigerij en oeral rotsoai op de hiemen fan fuortwaaide tûken en oar guod dêr't de wyldeman mei oan 'e haal gien wie. Op it dak fan it Waltahûs koene in stikmannich sinnepanielen de krêften net bolwurkje en bedarren troch de glêzen fan it dak. Dêrtroch ûntstie in folsleine ravaazje yn it doarpshûs. Oan de Boalserterdyk wie it ek raak. Sjoerd Breeuwsma wie yn 'e glêzen kas achter de pleats dwaande doe't it dak fan syn stjelp yn ien swiere fleach suver omtearde en achterhûs delsmitten waard. Dan stiest wol eefkes mei beide skonken oan 'e grûn nagele fansels. Omdat it in leven as in oardiel wie, de stoarm gûlde mei razernij troch de beammen wêrfan der foarhûs in grouwenien omgie, hie Tetje, dy't yn 'e hûs omskarrele, der neat fan fernommen. Mar doe't Sjoerd har fertelde fan de skea wiene se wol eefkes ferslein. De rommel waard sa goed en sa kwean as it koe opromme om wiken letter ophelle te wurden. En doe koe de weropbou útein sette. Krekt as by oaren dy't ek troch it stoarmgewelt tamtearre wiene.



Christian hie dêrmei hiel wat op syn gewisse. Mei krêften fan mear as 120 km/oere hie er oer de provinsje buldere mei in swierste stjit fan 152 km/oere. Op it Deenske eilân kaam it sels ta in útsjitter fan 1994 km/oere. Hoe swier de stoarm wie doe't er yn Tsjerkwert húshold is ús net bekend om't der by ús gjin offisjele wynmjitgetallen foar hannen binne.

Gerben D. Wijnja

Wy binne alwer op 'e helte fan it seizoen en hawwe ús alwer in tal fan kearen hearre litten. Op 30 novimber wie ús bjusterbaarlike Eensgezindheid got talent konsert wêroer letter mear. Wy hawwe ús meiwurking ferliend oan de ynkunst fan Sinteklaas, de jierlikse krystmoarn troch it doarp mei nei ôfrin in alderlekkerst kryst-moarnsbrochje by Joop en Akke en de tsjerke tsjinst. Fanút it korps wolle wy eltsenien ek noch in sûn en muzikaal 2014 winskje.

Eensgezindheid hat talint!

Op sneontejoe 30 novimber die bliken dat de leden fan 't korps wier in protte talinten hawwe. Sa wie der in programma makke wat mannich besiker fersteld stean die.

Der waarden stikken spile as: 'Brave' fan Philip Sparke, 'I've got the music in me' fan Stef Minnebo, 'Tell him' fan Klaas v.d. Woude en Piet Groeneveld, 'The best of the Blues Brothers' fan Henk Ummels en 'The Rose' (Bette Midler) fan Juri Briat.

Ek wienen der ferskillende solo optredens: sa spilen Yvonne Galama en Berber Speerstra op harren ynstrumint prachtige solo's, der wie in echte gûchelder, Sjoukje de Jong en de Blues Brothers kamen efkes lâns. 't Jeugdkorps 'De Toansetters' û.l.f. it talint Arjen Steur hat ek fan har hearre litten; wy kinne sizze in jeugdkorps mei in protte bysûnder talint!

Theo Galema song it liet 'Aan de Amsterdamse grachten' ûnder begelieding fan it korps. En nei ôfrin wienen der sels minsken dy't de fergeliking mei Luciano Pavarotti makken, sa moai! Ek it hiele korps hat de stimbannen brûkt troch trijestimmich Eensgezind it 'Waterloo' fan ABBA te sjongen.

Ús eigen talint/dirigent Jeanette Valkema hat har keunsten op 'e dwersfluit hearre litten. Se spile bjusterbaarlik moai, sa koenen ek de leden fan Eensgezindheid ris hearre hoe soks klinkt, grandioas! Jeanette hie it Aldegeaster talint Piet Kroes meinommen; tegearre spilen sy piano, sang, dwersfluit twa moaie ferskes!

Nije boesgroenen

Ynkoarten kinne jo it korps sjen mei in nij boesgroen foar de heren, de froulje sille gewoan krekt as oars yn it swart op it poadium ferskine. Wol hawwe sy in nei fleurich sjaaltsje. Ien en oar is mei mooglik makke troch stifting Wynkrêft Tsjien, wêrfoar tank!

Lekker blaze!

We hawwe alris in oprop dien mar hawwe jo/hast do yn it ferline wolris in ynstrumint bespile? En jokket it wolris wat? Dan binne jo/bisto by dizze fan

herte útnoege om in moai noatsje mei ús mei te spyljen! Ynteresse? Nim dan kontakt op mei ien fan de bestjoersleden. www.fanfare-eensgezindheid.nl

Op de Aginda

-Op 8 maart spylje wy op it konkoers yn Drachten.

“In doarp mei in korps hat krekt dat, wat in doarp sûnder korps net hat!”

Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Op het moment van schrijven hebben we de eerste vergadering van dit jaar al weer achter de rug. Deze keer met Fokko Rollema die de plaats heeft ingenomen van aftredend bestuurslid Robert Tiesma.

Robert zat ook in de werkgroep “Website”, daar is Rob Dijkstra zijn vervanger. In december jl. hebben we een gesprek gehad met de heren van Wjukslach over windmolens en energie. Over hun voorstellen kunt u elders in dit blad lezen.

In samenwerking met “de Reinbôge” zullen we in maart a.s. weer meedoen aan de jaarlijkse Himmeldeï. Waarschijnlijk in een andere opzet dan vorig jaar. Toen waren er helaas geen ouderen die mee deden. Nu gaan de kinderen op vrijdag het dorp “schoon maken” en willen we op zaterdag de rest doen, want dan zijn de meeste mensen vrij. Details volgen nog.

De diverse werkgroepen zijn ook druk bezig. Hierover volgende keer meer. Verder is er het nodige geharrewar met de gemeente omtrent de paracommercie en de fikse verhoging van de huur van het sportveld. Ook speelt het onderwerp “havengeld” nog. Tevens blijven we er bij de Gemeente op aandringen om iets aan de grondprijzen van het nieuwbouwproject te doen.

Op de parallelweg, t.o. afslag Baburen, komt een lantaarnpaal te staan.

De bouw van de kleedruimte gaat als een speer. De “Club van Honderd” kan nog wel wat leden gebruiken om de laatste –financiële- loodjes wat minder te laten wegen!

Met klachten, betreffende straatverlichting, stoeptegels enz., kunt u terecht op de website van de gemeente.

WJUKSLACH

Windenergie is de laatste tijd geregeld in het nieuws. Het Rijk is een Europese verplichting aangegaan voor duurzame energie in 2020 en provincies moeten daarom ruimte scheppen voor windenergie. Provincie Fryslân lanceerde in 2012 een plan met drie grootschalige locaties. Vanwege protesten hebben Gedeputeerde Staten nu besloten uit te gaan van kleinere opstellingen in de provincie. Wel houden ze voorlopig als reserve vast aan het IJsselmeer-Plan, waarin 400 MW kan worden gerealiseerd. Medio 2014 is de deadline voor de provincie, anders zal het Rijk daar mogelijk ook de regie overnemen.

Door voortschrijdend inzicht van de provincie komen kleinere clusters met draagvlak en opschalers steeds meer in beeld. Wjukslach is een vereniging van windmoleneigenaren die dat gedachtengoed ondersteunt en bezig is om molens van hun leden in clusters op te schalen. De vereniging is niet alleen actief bij u in de buurt, maar ook in vier andere gebieden in de provincie. Alle locaties zijn “houtschoolschetsproof”, hetgeen betekent dat in die gebieden hogere turbines mogen worden geplaatst.

Wij volgen onderstaande stappen:

- A. Wij beginnen in een gebied waar nu al molens staan.
- B. Molenaars vragen mee te doen en hun grond ter beschikking te stellen.
- C. Wij vragen tussenliggende en omringende grondgebruikers grond beschikbaar te stellen.
- D. Contact zoeken met bewoners rondom de zone.
- E. Het benaderen van dorpsbelangen om t.b.v. het verenigingsleven te participeren.
- F. Dorpsbelangen wijzen op de mogelijkheid een energiecoöperatie op te richten.

